



# MEIDIELINGEN BLEED FAN IT FRYSK SELSKIP SWOL

Oprjochte 8 febrewaris 1899  
Jiergong 48 nûmer 1 hjerstmoanne 2019

## FLEURICH FIERDER


De simmer fan 2019 wie moai. De simmer fan 2019 wie droech. De simmer fan 2019 wie waarm en sa no en dan ek tige waarm. Elts hat der op syn en har eigen wize fan genietsje kinnen. Thús, yn it skaad of yn 'e sinne, yn ús eigen lân of yn it bûtenlân, op 'e kemping, op it wetter of wêr dan ek. No binne de hjerst en winter al wer op kommandewe. Dat hâldt yn, dat wy elkoar as leden fan it Frysk Selskip Swol wer in kearmannich moetsje.

Op 8 febrewaris dit jier, hawwe wy it 120 jierich bestean fan ús selskip fierd. Dat kin mei rjocht in mylpeal neamd wurde. Us selskip is no de âldste Fryske krite bûten Fryslân. Earder kaam de krite yn Haarlim dy eare ta, mar dy krite is yn 2018 opheft. No tinke wy yn dit ferbân ornaris net yn termen fan 'eare', mar wy meie der dochs wol wiis op wêze, dat ús selskip al sa lang bestiet. Dêrom hawwe wy dat jubileum ek fierd. Net mei in bulte poeha, mar op in beskieden wize. 'Doch mar gewoan, dan dochst al gek genôch', wie en is ús biedwurd. Al doarre we it ek wol oan om, as de mooglikheid him foardocht, eat bysûnders te dwaan. Op dy wize wolle wy ek graach fierder gean. Hoe lang we dat folhâlde kinne, sjogge wy wol. Dêr meitsje we ús mar net al te drok om. Tiden hawwe tiden. Want hoe't we ek draaie of keare, it natuerlike fergrinzingsproses fan ús leden is net tsjin te hâlden. En dêr sit no krekt ek de oast as it om in fuortbestean fan ús selskip giet.

Hawar, foar it kommende winterskoft is der wer in ferskaat oan programma's, sa't fierderop (*side 10*) yn dit krantsje stiet. Wy geane, sa't boppe dit stikje stiet, fleurich fierder.

Yn dit krantsje stean ek de ferslaggen fan de Fryske tsjerketsjinst en de ledegearkomste yn april/maaie dit jier en tal fan oare saken. Foar trije saken freegje ik spesjaal jim omtinken:

1. Wy wolle graach dat elk foar 1 oktober 2019 de **ynlage** betelle hat (*sjoch side 13*).
2. De jûn op sneon 12 oktober 2019 is yn **De Weijenbelt** yn Zwolle (Berkum)
3. Jimme kinne jim no al opjaan (*side 7*) foar it **krystmiel** op freed 20 desimber 2019 yn Urbana. Ferjit it net, want it folgjende krantsje komt yn desimber.



**Fryslân Heite!**

**In hiel moai winterskoft 2019-2020 tawinske.**

*Jan Bosgraaf (foarsitter)*

## KONTAKTPERSONEN FAN IT FRYSK SELSKIP SWOL

Dalfsen	frou F. Smits	Vechtoever 11	0529 432436
Elburg	hear S.J. van der Graaf	Paardebloem 3	0525 681135
Hattem	frou W. Steenbeek - Boschma	Hendrikjesweg 46	038 4442894
Kampen	frou B. Streekstra	Jan van Arkelstraat 12	038 3313002
Vroomshoop	hear J. Postma	Stationslaan 1	0546 642852
Wezep	hear K. IJtsma	Scheerderslaan 8	038 3769007
Wijhe	hear F. Kunst	Stationsweg 28	0570 521931
<b>Zwolle</b>			
Aalanden	frou C. Penning	Potmarge 27	038 4541272
Assendorp	frou A. Groenland	Ranonkelstraat 8	038 4220741
Berkum	hear J. Visser	Eikenlaan 12	038 4548808
Binnenstêd, Dieze en Veerallee			
	fam L. Nieuwenhuis	Schuttevaerkade 103	038 4537836
Holtendoorn	frou H. Osinga	Reggelaan 55	038 4549429
Stadshagen	frou T. Mulder – van der Heide	Fonteinkruid 2	038 3765384
Westenholte en Spoolde			
	frou A. Wieling - Joukema	Voorsterweg 42 – 301	038 4218525
Wipstrik	frou W. de Vries – Boersma	Carry van Bruggenstraat 25	038 4543033
Zwolle – Súd	hear J.H. Zijlstra	Dreessingel 88	038 4542562

FRYSKE TSJERKETSJINST

Snein 14 april 2019 waard yn de Protestanske tsjerke yn Windesheim (foto) foar de 19<sup>e</sup> kear op rige in Fryske tsjerketsjinst hâlden. Wie 't foarich jier op 'e snein fan de Fryske tsjinst 23 graden, no hâlde it mei 11 graden wol op. Reden foar it tsjerkfolk om gau in goed plak yn it histoaryske, smûke tsjerkje te sykjen. Mar by it ynkommen keapje se fan Peter Lootens earst muntsjes foar kofje of tee nei ôfrin fan 'e tsjinst en krije se fan him in kreaze liturgy.

Om trije oere hjit Jolanda Lootens de 60 oanwêzigen fan herte wolkom. En yn't bysûnder dûmny Jelle Nutma út Gorinchem en Wim en Inge Verwey, oargelist en kosterspear.

Dûmny Jelle Nutma is, lykas ik, berne yn Wetsens, in terpdoarpke in pear kilometer benoarden Dokkum. Dat sadwaande hiene wy nei ôfrin in aardich petear oer it lytse terpdoarpke en syn bewenners. Dat der in generaasje tusken ús leit (syn heit is in pear jier âlder as ik), makke neat út. As Wetsumers giene we troch de wike nei de legere (basis) skoalle yn Nijewier en sneins nei fjouwer ferskillende tsjerken yn Nijewier, Ealsum-Wetsens, en Dokkum.

Nei't Jelle Nutma oan de Kristlike Skoallemienskip Oostergo yn Dokkum syn VWO-diploma helle, studearre er oan 'e Teologyske Universiteit yn Amsterdam. Syn earste gemeente wie de Kristlik Griffomearde gemeente yn IJmuiden. Dêrnei naam er in berop oan fan de Kristlik Griffomearde gemeente yn Surhústerfean. Acht jier letter ferruile hy de Fryske wâlden foar de Kristlik Griffomearde gemeente fan de Andreastsjerke yn Apeldoarn en sûnt juny 2014 is er dûmny fan de Kristlik Griffomearde gemeente yn Gorinchem. Yn trochsnee hâldt er ien Fryske preek yn't jier, fertelde hy.

De tsjinst en de preek fan dizze middei hat as tema 'Tiid'. De iepeningstekst is: 'Hy sei: Gean de stêd yn, nei dy en dy, en sis tsjin him: De Master lit sizze: **It is myn tiid hast**. By jo wol ik it peaskemiel hâlde mei myn learlingen.' (Mattéus 28:18)

Foarôfgeand oan 'e preek, it koe fansels net misse, gie hjir en dêr in rôltsje pipermint rûn. In wenstich ritueel yn tsjerken. It merk hinget ôf fan de denominaasje. Sa snobje hermoarmen FAAM, griffomearden hawwe harren KING en yn tsjerken dêr't de preek aardich langer duorret, sobbet men op WILHELMINA. Alteast, sa wie it eartiids ûngefear. Hawar, it heart der gewoan by. En dêr is neat mis mei.

(ferfolch op side 3)

KRITEJUNEN YN NOARD-EAST NEDERLAN

WINTERSKOFT 2019 – 2020			
Wannear	Krite	Wat	Wêr
25 sep 2019	Swol	Utsje nei Fryslân. It Drents-Friese Wold yn Appelskea en it Gevangenismuseum yn Feanhuzen	
4 okt 2019	Assen	Ledegearkomste	't Haalerhoes Hooghalen
12 okt 2019	Swol	Selskip Blikstiender mei 'Fryslân Heite!'	De Weijenbelt Zwolle (Berkum)
2 nov 2019	Meppel	Hjerstjûn mei ?	De Schalle Nijeveen
15 nov 2019	Roan	Fljmsk 2 mei Griet Wiersma, Piter Wilkens en Minze Dijkstra	De Pompstee Roan
29 nov 2019	Assen	Toaniel	't Haalerhoes Hooghalen
20 des 2019	Swol	Krystmiel mei it Frysk Sjongkoar Swol	Urbana Zwolle
10 jan 2020	Assen	Stamppotbuffet	't Haalerhoes Hooghalen
?? jan 2020	Swol	Middeisprogramma	Noch net bekend
29 feb 2020	Swol	'De man fan dyn libben' mei Jan Arendz, Marijke Geertsma en Anke Bijlsma	Het Anker Zwolle (Westholte)
13 mrt 2020	Assen	Moat noch ynfold wurde	't Haalerhoes Hooghalen
24 apr 2020	Assen	Moat noch ynfold wurde	't Haalerhoes Hooghalen

It programma fan de krite Súdeast Drinte wie noch net bekend.



op sneontejûn 12 oktober 2019  
yn 'De Weijenbelt' te Swol – Berkum



Sjoch ris yn laatsjes en tromkes oft der earne noch in steapeltsje 'DE-punten' leit. Nim se op in jûn mei en jou se oan Annet Nieuwenhuis of Tjitske Mulder. Of triuw se by ien fan harren yn 'e brievebus. Dan wikselje sy de punten yn foar **moaie prizen** foar de ferlotting.

**Yn't foar tige tank**

## **BOEKEHOEKE**

Yn 'e ôfrûne 50 jier wiene Hannie van Keulen, Petra Aukema, Henny van der Kolk en Jelma Wieggersma de boekferkeapers by ús selskip. Yn 2018 hat Jolanda Lootens de boekferkeap fan Jelma oernommen. Dat wol sizze, dat sy de nije boeken ferkeapet dy't wy noch yn foarrie hawwe. Der wurde gjin nije boeken mear ynkocht. Dy foarrie oan nije boeken wurdt no foar in skaplik pryske - mei 50% koarting - ferkocht.

**Mei rjocht hjit dat: UTFERKEAP! Mar foar in útfereap jildt ek: OP = OP! Wês der dêrom rap by.**

Neist de nije boeken is der in grut ferskaat oan healsliten boeken. Dy ferkeapet Jan Tjerk Kuipers foar sliterpriis. Foar ien of in pear euro it stik. En de opbringst komt ek yn 'e kas fan ús selskip. Doch dus op ús jûnen foaral de boeketafel oan. Jo fine dêr grif wat fan jo gading.

(JB)

## **FREONEN FAN OMROP Fryslân**



De Feriening Freonen fan Omrop Fryslân (FOF), is de stipersferiening fan de Omrop, dy't stribbet nei in goede publike Fryske Omrop foar radio en televyzje. De FOF soarget foar ynformaasje oer Omrop Fryslân en stipet Omrop Fryslân by syn doelstellings en aktiviteiten. De FOF hâldt kontakt mei har leden fia it ledeblêd *Each en Ear*, dat trije kear yn it jier útkomt. Yn 'e rin fan it jier binne der ferskate aktiviteiten en eveneminten dêr't leden oan meidwaan kinne. Sjoch op 'e webside

[www.omropfryslan.nl/freonen](http://www.omropfryslan.nl/freonen) of wurdt 'facebookfreon'.

### **Wolle jo ek FREON wurde fan Omrop Fryslân?**

Belje nei 06-43903180. Of stjoer in e-mail nei [freonen@omropfryslan.nl](mailto:freonen@omropfryslan.nl)

Oanmelde kin ek fia it formulier op de webside fan de FOF:

[www.omropfryslan.nl/freonen](http://www.omropfryslan.nl/freonen)

De ledebydrage is op syn minst € 9.-- yn't jier.

(ferfolch fan side 2)

'De tiid hâld gjin skoft', is in útdrukking dy't alle Friezen kenne, sa begjint dûmny Nutma de ferkundiging oer it tema 'Tiid'. As't oan't wurk bist en by alles wat der fan dy ferwachte wurdt. As't oan't itensieden bist, want it mei net te lang of te koart op stean. Hast alles yn it libben draait om tiid, De tiid kin ús op 'e hûd sitte en we moatte der om tinke, dat de tiid ús net de baas wurdt. Sa libje wy hiel oars as minsken út bygelyks Afrikaanske of oare waarme lannen. Dy sizze tsjin ús: 'Jimme hawwe de klok, mar wy hawwe de tiid.' En se komme dan ek noait op 'e ôfsprutsen tiid.



**Ds. Jelle Nutma**

Yn de Grykske mytology wurdt de tiid personifearre troch de goaden Chronos en Kairos. Fan Chronos wurdt sein dat it in kweadogger is, dy't syn eigen bern opyt. Wylst Kairos (it jongste godlike bern fan oppergod Zeus) de personifikaasje fan de gelegenheid is, fan it goede momint om eat foarinoar te krijen.

Mei Syn dea en opstanning hat Jezus de nije tiid yn 'e wrâld oanbrekken dien. Mei Jezus is in wiksel yn 'e tiid om gien. Mei Him leit der in yvichheid oan tiid foar ús. Dêrom is it hjoed (en foar God is't elke dei hjoed) de tiid om de kar te meitsjen. De kar foar Chronos, dy't de tiid en alles opyt, of de kar foar Kairos / Jezus, dy't de takomst fan frede iepenet, sa beslút dûmny Jelle Nutma dizze ferkundiging.

Om 'e ferkundiging hinne wurde inkele psalmen en oare moaie lieten songen ûnder oargelbegelieding fan Wim Verwey, sa njonkelytsen de fêste oargelist by de Fryske tsjerketsjinsten.

En in gelegenheidskoar út it Frysk Sjongkoar Swol, besteande út 7 froulju en 4 manlju ûnder lieding fan koardiriginte Jelma Wieggersma, song earst it liet 'Al myn hope' (de Fryske ferzje fan it Taizé-liet El Señor), dêrnei in koarferzje fan Psalm 42 en ta beslút it 'Hillich, Hillich, Hillich'. Moaie lieten en it klonk prachtich. Wat is it dochs moai, dat der sa'n goed Frysk Sjongkoar bestiet.

(ferfolch op side 4)

(ferfolch fan side 3)

Fansels is in tal fan 60 minsken hiel aardich. It soe de helte fan it ledebestân fan ús selskip wêze kinne. Soe! Want der wiene mear net-leden dan dat der leden fan ús selskip yn tsjerke sieten. No, fuort, lit it heal om heal wêze, mar dan noch. Fansels is't moai dat der ek net-leden op 'e tsjinst ôf komme en op dizze manier yn 'e kunde komme mei in aktiviteit fan it Frysk Selskip Swol. Mar it hie noch moaier west, as der wat mear fan ús leden delkommen wiene. Wa wit, binne se der takomme jier wol.

Jolanda Lootens hie alles wer oant yn 'e fine puntsjes ta organisearre. Ut namme fan alle oanwêzigen: hiel hertlik tank Jolanda!

(JB)

## FERSLACH LEDEGEARKOMSTE 1 MAAIE 2019

### 1. Iepening en meidielings

Om healwei achten ropt foarsitter Jan Bosgraaf de minsken it wolkom ta. Yn't bysûnder de leden fan it Frysk Sjongkoar Swol en Huite Zonderland, dy't oer syn soan Epke fertelle sil.

Fan Inge Bosch en Hilly Osinga is berjocht fan behindering ynkaam.

It bestjoer is foltallich oanwêzich.

It ôfrûne winterskoft wurdt by lâns gien: It wie in jubileumjier: 120 jier!

Wy hiene moaie jûnen mei Noordenbos en Ko., it krystmiel mei Sânman & Sikke, Hymphamp (jubileumjûn) en Benny Huisman. Boppsat wie der de Fryske tsjerketsjinst, de ledegearkomste (beide yn april 2018) en yn septimber 2018 it útsje nei Fryslân.

### 2. Ferslach fan de ledegearkomste fan 11 april 2018

Der binne gjin opmerkingen. It ferslach wurdt fêststeld mei tank oan de skriuwer, Jan Tjerk Kuipers.

### 3. Jierferslach 2018-2019 (de 5 krantsjes fan it ôfrûne winterskoft)

Dêr binne ek gjin opmerkingen oer.

### 4. Jierferslach fan de boekeferkeap

Sa as bekend is de Sintrale Boekeferkeap fan it Frysk Boun om Utens der mei ophâlden. It restant oan nije boeken wurdt troch Jolanda Lootens mei koarting ferkocht. Healsliten boeken hâlde wy wol oan. Dy binne, mitsdat se der goed útsjogge, wolkom, seit Jan Tjerk Kuipers.

### 5. Jierferslach fan de ferlottingen

De opbringst fan de ferlottingen wie tige goed; skjûn € 965,95. Mei tank oan Annet Nieuwenhuis en Tjitske Mulder foar it wurk en de tûke ynkeap. En mei tank oan Sonnema foar de prizen dy't se beskikber stelden.

### 6. Jierferslach fan de ponghâlder

Oer it jierferslach 2018-2019 binne gjin fragen.

(ferfolch op side 5)

*Eala.*

Yn de ledegearkomste fan 1 maaie 2019 is de ynlagge foar it winterskoft 2019-2020 net ferhege.

De ynlagge is € 38.-- de man/frou (per persoan).

Wy wolle graach, dat de ynlagge foar 1 oktober 2019 oermakke wurdt op rekkennûmer

NL95 RABO 0377 3373 66 fan it Frysk Selskip Swol.

Yn't foar tige tank.

## FERGEEES TAGONG FOAR 2 MINSKEN OP 12 OKTOBER 2019

Dizze bon is foar minsken dy't foar it earst mei ús selskip yn 'e kunde komme en miskien wol lid wurde wolle.

(Dus **NET** foar famylje of goekunde út Fryslân of earne oars wei.)

Namme: .....

Adres : .....

Postkoade : .....

en wenplak : .....

Tillefoannûmer: .....

E-mail: .....

Is/binne op 12 oktober 2019 **GAST** by it Frysk Selskip Swol.

Hy/sy hat/hawwe dizze bon krigen fan:



### **Moetings- en Ynspiraasjemiddei**

**Sneon 16 novimber 2019** yn it Multifunksjonele Sintrum “de Kiekmure”  
Tesselschadelaan 1 te Hurderwyk  
**Ynrin fan 12.30 oere ôf**

De ynhâld:

#### **1. “Op nei 2023 – en dêrnei: de 100 jier foarby !”**

**Klaas Sietse Spoelstra** wol mei ús mei-tinke oer hoe't wy as FBoU en kriteren nije oanwaaks fine kinne. Hy hat tasein dizze middei syn meiwurking te jaan ûnder betingst dat de dielnimmers elk in net-lid meinimme!

**Nim dêrom, ast komst, sa'n Fries om Utens dy't noch gjin lid is fan in Krite mei nei dizze middei. Se binne tige wolkom!**

#### **2. LF2018 en fierder.....**

**Lieuwe Krol**, haad Marketing en Kommúnikaasje foar LF2018 en kertiermakker foar de Legacy LF2028, sil in ynliding hâlde oer LF2018/2028. Wat wiene de plannen eartiids, hoe binne de plannen útpakt, wat is der fan leard en wat giet de takomst bringen (2028) op it mêd fan de kultuer, kosten, planning en opbringsten.

**Om 17.00 oere slute wy ôf.**

De jûns binne jimme fan 19.00 oere ôf wolkom by de krite “Meiinoar Ien” fan Hurderwyk – ek yn de Kiekmure. It toanielselskip “Fleurich fierder” fan Jobbegea bringt it stik ‘It deiboek fan Tinus Teckel’.

### **Algemeine Gearkomste**

**Sneon 28 maart 2020** sil de Algemeine Gearkomste hâlden wurde by de krite De Haach, dy't 120 jier bestiet.

Mear ynformaasje is te finen op de webside fan it Frysk Boun om Utens:  
[www.fryskbutenfryslan.fr](http://www.fryskbutenfryslan.fr)

(ferfolch fan side 4)

#### **7. Ferslach fan de rekkenopnimbers Freerk Kunst en Johan Romkema**

Op 'e dei fan it rekkenopnimmen, belle Johannes Romkema moarns ôf; hy wie net rjocht halich. Reserve-rekkenopnimmer Gerben de Groot koe him op sa'n koarte termyn net frij meitsje. In oar lid fan 't selskip wie sa gau ek net te berikken. Dat sadwaande hat Freerk Kunst it, by wize fan útsûndering, allinne dien. Freerk seit, dat alles yn kalk en semint is en stelt foar de ponghâlder te ûntlêstgjen fan 'e need. Dat wurdt mei applaus troch de gearkomste oernommen.

Johannes Romkema hat oanjûn, dat er him as rekkenopnimmer weromlûkt. De fergadering hat der gjin beswier tsjin, dat Freerk Kunst it noch in jier docht. Dan tegearre mei Gerben de Groot.

#### **8. Beneaming fan in nije reserve-rekkenopnimmer.**

Harmen van der Zee wurdt as de nije reserve-rekkenopnimmer beneamd.

#### **9. Bestjoersferkiezing**

Sjoerd Bakker, Jan Bosgraaf en Jan Tjerk Kuipers binne ôfgeand en wer foar trije jier yn te hieren.. Foar it begjin fan dizze fergadering binne gjin tsjinkandidaten oanmeld, sadat dizze manlju wer beneamd wurde.

Op de foarige ledegearkomste hat Inge Bosch – van der Ploeg oanjûn, dat har sit yn 't bestjoer beskikber is. Yn 'e hjerst fan 2018 hat Tjitske Mulder – van der Heide it plak fan Inge yn't bestjoer 'ad interim' ynnommen. De foarsitter stelt foar om Tjitske no offisjeel te beneamen. Dêr hat nimmen beswier tsjin. Oan it ôfskie fan Inge sil omtinken jûn wurde.

#### **10. Winterskoft 2019/2020**

De foarsitter sjocht foarút nei it nije winterskoft 2019-2020.

De earste aktiviteit hat al west; de Fryske tsjerketsjinst op 14 april yn Windesheim. En jûn is de ledegearkomste.

Op 25 septimber 2019 hawwe wy ús reiske nei Fryslân.

De earste jûn is sneon 12 oktober 2019 yn 'De Weyenbelt'; selskip Blikstiender mei 'Fryslân Heite!'

De twadde jûn is freed 20 desimber 2019 yn 'Urbana' mei ús Krystmiel.

De tredde jûn is ein jannewaris 2020 en sil in middei wêze, in nij eksperimint!;

De fjirde jûn op 29 febrewaris 2020 sil yn 'Het Anker' wêze mei in foarstelling fan Jan Arendz, Marijke Geertsma en Anke Bijlsma; 'De man fan dyn libben' fan Arthur Japin.

#### **11. Ynlage foar it winterskoft 2019/2020**

It bestjoer slacht foar om de ynlage net te ferheegjen en bliuwt op € 38,-- p/p. De fergadering hat gjin beswier. Jelma Wiegersma makket har ynlage fuortdaalks oer.

#### **12. Begrutting foar it winterskoft 2019/2020**

Aaltsje Dijkstra freget wêrom de kosten en de opbringst fan de ferlottingen net yn it jierferslach en yn 'e begrutting steane. Ponghâlder Sjoerd Bakker jout in ferklearing. Yn 'e begrutting 2018-2019 wie smoarch (bruto) begrutte; kosten en opbringsten. Mar der is skjin ôfrekkene. Dêrom is yn 'e begrutting 2019-2020 ek skjin (netto) begrutte.

(ferfolch op side 6)

(ferfolch fan side 5)

Gerrit Jellema freget werom it reiske 'per saldo' safolle heger begrutte is. De ponghâlder jout beskje. De kosten binne begrutte op 'e kosten fan it reiske yn 2018. De ynkkomsten binne begrutte op itselde bedrach as de begrutting 2018-2019. Binne der in pear mear dielnimmers as dêr't rekken mei hâlden wurdt, dan falt it 'per saldo' wat ta.

Dan freget Gerrit Jellema wêrom de kosten fan it krystmiel safolle leger begrutte binne as de werklike kosten 2018-2019. Dat komt, seit de foarsitter, trochdat by it krystmiel yn desimber 2018 'Sanman & Sikke' optreden en dy mannen kostje nochal wat (mar dan hat men ek wat).

De fragestellers betankje de ponghâlder foar de antwurden en de gearkomste giet akkoart mei de begrutting 2018-2019.

### 13. Rûnfrach

Petra Aukema jout oan om dûmny Renze Yetsinga ris te freegjen foar ús tsjerketsjinst. Jolanda nimt dat mei. Fierders binne der gjin fragen.

### 14. Sluting om 20.10 oere.

Jan Tjerk Kuipers

## NEI OFRIN FAN DE LEDEGEARKOMSTE

Al jierren is it wenst, dat it Frysk Sjongkoar Swol nei ôfrin fan de gearkomste in koart optreden fersoarget. My dy tradysje wurdt diskear net brutsen. It koar hat wer in pear nije leden, dêr't men o sa wiis mei is, seit diriginte Jelma Wiegersma. Jûn sjongt it koar fjouwer moaie Fryske lieten; 1. Te maaie. 2. Rinst net allinne mear (You'll never walk alone). 3. Silersliet en 4. 't Singeltsje. Wat in entoesiame en wat moai. Muzyk en sjongen ferbynt minsken.

Jelma Wiegersma kriget nei ôfrin fan it optreden in blomke en Douwe Boersma (foarsitter fan it koar) in slûf mei ynhâld, dy't er fuortdaalks oan Jolanda Lootens (ponghâlder fan it koar) oerlanget. Douwe seit, dat it koar – fansels – graach sjongt in ek graach in optreden fersoarget, lykas jûn. En Douwe fernijt, dat it koar dit jier by it krystmiel optrede sil. Wat is't dochs moai, as der sa'n goede gearwurking tusken it Frysk Selskip Swol en it Frysk Sjongkoar Swol bestiet.

Dêrnei wie it 't wurd oan Huite Zonderland, de heit fan Nederlânsk -, Europeesk -, Wrâld – en Olympysk kampioen Epke Zonderland alias the flying Dutchman, the flying doctor en de Leeuw van Lemmer. Hy fertelde wêrom se harren bern (1 famke en 3 jonges) turnje lieten en, as se der aardichheid oan hiene, harren dêryn stipen. Jierren oanien reizgen se fan toernoai nei toernoai. Yn Nederlân, Europa en úteinlik rûnom yn 'e wrâld. Dat jildt benammen foar Epke, want syn twa broers en suster binne op in bepaald stuit in oare wei ynslein. De lêzing waard ûnderstreke troch bylden fan ferskate útfieringen fan Epke. Nei de lêzing wie der romte foar it stellen fan fragen, dy't der dan ek grif kamen. Ta beslút liet Huite in fideo sjen fan de analyse fan Epke syn Olympyske útfiering troch bewegingswittenskipper prof. dr. Bert Otten fan de Ryksuniversiteit Grins. Dan krijt men noch mear respekt foar de prestaasje fan de Liuw fan De Lemmer; Epke Zonderland. Mei tank oan de saakkundige en entoesjaste presintaasje fan heit Huite Zonderland. (JB)

-6-

*'Koe ik mar efkes dyn antlît wer sjen  
Dyn eagen sa gol en sa blier  
Dan hie ik grif net sa'n langste mear bern  
Seach ik dyn ljocht krofjend hier. '*

In Fryske 'schlager' út 'e jierren 50 / 60 fan de foarige ieu, songen troch Henk van der Heide (1921-1999) fan de ferneamde 'Sambrinco's'. Hoefolle manlju sjonge it hjoed de dei noch?

## MEIE JO EK SA GRAACH SJONGE?

Kom dan ris nei in repetysje fan it



Dit mingd koar is folslein selsstannich.

Leden hoege gjin lid te wêzen fan it Frysk Selskip Swol. Se hoege de Fryske taal net iens machtich te wêzen! As se mar yn 't Frysk sjonge! Elts dy't fan sjongen hâld is fan herte wolkom by dit moaie koar.



Freedtemoarns om 10 oere repeteart it koar yn it Moetingssintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte).

Het Anker is hiel maklik berikber en der is parkearrimte by de rûs. Sjoch ris goed om jim hinne minsken en trúnje goekunde of buorlju oan om ris nei sa'n repetysje ta te gean. It koar wol hiel graach mear leden hawwe.

**Wa't mear witte wol oer it koar kin terjochte by:**

Douwe Boersma	foarsitter	0523 – 656802
Wil van der Leij	skriuwer	038 – 4538808
Jolanda Lootens	ponghâlder	038 – 4200066
Jelma Wiegersma	diriginte	038 – 3311670

**Daliks as lid opjaan by ien fan harren kin fansels ek !!!**

*It Frysk Sjongkoar Swol makket elk jier in útstapke nei Fryslân en fersoarget dêr dan ek earne in optreden. In ferslach fan it útsje, dat it koar dit jier hân hat, komt yn it folgjende krantsje.*

**WINTERSKOFT 2019-2020**

Foar it winterskoft 2019-2020 sit der foar ús in ôfwikseljend programma yn't fet.

Op **woansdei 25 septimber 2019** is it útsje nei Fryslân; Besikerssintrum Het Drents-Friese Wold yn Appelskea en it Gevangenismuseum yn Feanhuzen.

Us earste jûn is op **sneon 12 oktober 2018 yn 'De Weijenbelt'** yn Zwolle – Berkum. Dan komt it selskip 'Blikstiender' mei it programma 'Fryslân Heite'.

De twadde jûn – **freed 20 desimber 2019** - is wer ornearre foar it krystmiel yn 'Urbana'. Dizze kear fersoarget (in part fan) it Frysk Sjongkoar Swol de muzikale omlying. Dêr binne we och sa bliid mei.

De tredde 'jûn' – **ein jannewaris 2020** – sil in middei wêze. Dat is foar ús fansels wat nijs. Ris sjen hoefolle flecht der op 'e koai is. De earste kear sil it net al te 'gruts' fan opset wêze.

De fjirde en lêste jûn is op **sneon 29 febrewaris 2020 yn 'Het Anker'** te Zwolle – Westenholte. Dan komme Jan Arendz, Marijke Geertsma en Anke Bijlsma mei de foarstelling 'De man fan dyn libben', basearre op it boek mei dy titel fan Arthur Japin.

Ta beslút is der yn **april 2020** in Fryske tsjerketsjinst en de ledegearkomste.

**It liket dus in bysûnder moai winterskoft 2019-2020 te wurden.**

(JB)



Nei ôfrin fan de ledegearkomste nimt ús 2<sup>e</sup> foarsitter Henk Monkel it wurd. As foarsitter tinke jo dan 'Wat krije we no?'. Hjir is neat oer ôfpraat! Mar de aap komt fuortdaalks út 'e mouwe. Henk jout omtinken oan it feit, dat ik 25 jier foarsitter fan it Frysk Selskip Swol bin. Dêr ha'k sels gjin tel oan tocht. Henk seit it sa moai, dat ik myi út en troch ôffreegje oft it yndie wol oer my giet? En dochs werken ik my der ek wol wer yn. Foaral as Henk seit, dat ik net immen bin dy't yn utersten tinkt, mar altyd de middenwei sykje. En dat, as ik in idee haw, ik de oare bestjoersleden altyd freegje wat sy der fan fine en hoe't sy der oer tinke. Ik mei yndie graach wat organisearje en ik hâld ek wol fan in útdaging op syn tiid. Mar allinne begjinne jo neat. Wy moatte it as bestjoer mei-elkoar dwaan. En dat dogge we ek. As bestjoer binne wy in ienheid yn ferskaat. Mei-elkoar sette wy ús yn foar it Frysk Selskip Swol. Omdat we eat hawwe mei Fryslân, mei de Fryske taal en Fryske kultuer. As tank foar 25 jier foarsitterskip oerlanget Henk in flesse Berenburg en in teaterbon. Tige tank, mei út namme fan Djoke. Beide komme altyd fan pas.

(Jan Bosgraaf)

**Krystmiel 2019**

**Freed 20 desimber 2019 om 18.00 oere** (Ynrin fan 17.30 oere ôf), yn **Grandcafé-Restaurant "Urbana"**, **Wipstrikerallee 213 yn Zwolle.**

It krystmiel is njonkelytsen in fêst ûnderdiel wurden fan ús winterprogramma. Lekker ite (4 gongen), gleske wyn of wat oars der by en moaie muzyk en sang om nei te harkjen of mei te sjongen. Dizze (12<sup>e</sup>) kear fersoarget (in part fan) it Frysk Sjongkoar Swol de muzikale omlying. Dat lûkt nei alle gedachten noch mear iters.

En freegje net hoe't it kin, it kostet mar **€ 25.= de man/frou**. Leden dy't ien kear west hawwe, komme dan ek grif wer.

Wa't hjiroan meidwaan wol, moat him/har **foar 14 desimber !!! opjaan**. Dat kin mei in mailtsje nei [frykselskipswol@gmail.com](mailto:frykselskipswol@gmail.com) of troch ûndersteand strypke yn te foljen en nei ús ponghâlder te stjoeren; **Sjoerd Bakker, Koelmansstraat 10, 7722 LX Hoonhorst.**

Binne jo allinne en wolle jo graach in famyljelid of freon(dinne) meinimme, dy't gjin lid fan ús selskip is, dan kin dat. Foar dyjinge jildt in priis fan **€ 40.=**.

**Foar 14 desimber opjaan !!!** en it jild oermeitsje op bankrekken **NL95 RABO 037.73.37.366** fan it Frysk Selskip Swol. Set der foar alle wissichheid efkes by as it om 1 of 2 persoanen giet.



**Ja!** Ik kom / wy komme op freed 20 desimber 2019 nei it **krystdiner** yn "Urbana" en meitsje it jild oer op de bankrekken fan it Frysk Selskip Swol **IBAN rekkennûmer NL95 RABO 037.73.37.366**

Namme(n):

.....

Adres en wenplak:

.....

Tillefoan: .....

Dieet op medysk advys? .....

**Sneon 12 oktober 2019 om 20.00 oere (ynrin fan sân oere ôf) yn 'De Weijenbelt' te Swol**



Campherbeeklaan 82 Zwolle (Berkum)

## **'FRYSLAN HEITE!'**

It Lemster selskip Blikstiender is yn 2016 út ein set. It bestiet út 12 muzikanten, spilers en sjongers. 'Fryslân Heite' is in fleurich programma mei sketskes en lietsjes oer de skiednis fan Fryslân. Mei in knypeach wurdt sjoen nei markante foarfallen en persoanen út 'e rike Fryske histoarje. Ek it heden en de takomst wurde tsjin it ljocht hâlden. Sketskes en lietsjes wikselje elkoar yn in flot tempo ôf en wurde ûnderstipe troch ljochtbylden mei tekeningen fan Wim Swart. De teksten en muzyk binne skreaun troch Stoffel Zandstra.

**Kombo:** Bea Berman op akkoardeon, Klaas Lemstra op keyboard Tineke van Dijk op tenoar saksofoan en Frans Lemstra op tromboane.

**Sang en spul:** Tineke Speerstra, Greet Douma, Jaap Frankema, Tineke Warringa, Klazien Cuiper, Popke Haga, Atjerje Sieperda en Stoffel Zandstra.



**DER IS DIZZE JUN EK IN BOEKETAFEL EN IN FERLOTING MEI MOAIE PRIZEN !!!**